

Taspraak K. Agricola by it monumint

4 maaie 2022

Hjoed op 4 maaie betinke wy de Nederlânske oarlochsslachtoffers. Elkenien – boargers en militêren – dy't yn it Keninkryk der Nederlanden of wêr ek mar op'e wrâld, omkommen as fermoarde binne sûnt it útbrekken fan de Twadde Weareldoarloch, en dêrnei yn oarlochssitewaasjes en by fredesoperaasjes.

It monumint, hjir op'e Krúshoeke, in man, in frou en in berntsje, stiet symboal foar in húshâlding yn in oarlochssitewaasje.

De man mei it gesicht op'e Falom, de frou mei it gesicht op Dokkum, treaste elkoar en it berntsje mei blommen moat de takomst yn frede ferbyldzje. Op 19 jannewaris 1945 wie ommers de oanslach by de flapbrêge op'e Falom. As represaille foar de dea fan twa besetters wurde der op 22 jannewaris yn Dokkum 20 minsken fusilleard. It monumint, makke troch David van Kampen, is fan bliuwende wearde foar ús gemeente. It docht ús alle jierren wer letterlik stilstean by it oarlochsgeweld dat him ek yn hjir, sa tichtby ôfspile hat.

Mar, de oarloch is no ek net hiel fier fuort. Sûnt begjin maart is it oarloch yn Oekraïne, hjir net iens sa hiele fier wei. Ruslân hat Oekraïne oanfallen. De minsken dêre libje alle dagen yn angst en binne harren libben net seker. De freeslike bylden krije wy hjir alle dagen mei op tillefyzje. It set ús oan it tinken. Hawwe wy dan neat leard fan wat him yn Europa tusken 1939-1945 ôfspile hat?

Wér is it ien ûnder lieding fan ien persoan dat ellinde oer minsken útspried wurdt... Hoefolle slachtoffers moat dit noch kostje?

It monumint hjir hâldt de herinnering oan al dy oaren dy't sneuvele binne foar ús frijheid libjend. Hjoed en yn de takomst. In kwetsbare frijhyd. Hieltiten mear komt it besef dat de skiednis fan oarloch en befrijing net allinnich is fan wat west hat, fan froeger. Wy libje yn in wrâld wêryn't wy alle dagen wer oan konfrontearde wurde mei oarloch en frede. Basisskoalle De Sprankeling hat it monumint adopteard.

Troch op it monumint te passen reitsje de bern belutsen by de geskiedenis. Want sa't monumint ús al fertelt: Frijheid is in kar dwaan, tusken goed en kwea, en dêr foar stean en as 't moat, dêr foar falle. Litte wy dêrom hoopje dat wy en ús jeugd noch lang dy frijhyd hoedzje mei en noait dy drege keuze hoege te meitsjen.

Ik hoopje ek tige dat ek de minsken yn Oekraïne harren frijhyd gau weromkrije. Oant dy tiid is it ús plicht om harren as neisten te helpen, troch bygelyks ûnderdak te jaan en harren troch dizze drege tiid hinne te skuorren.

Taspraak boargemaster K. Agricola yn 'e tsjerke

Achte ynwenners fan Dantumadiel, jonges en famkes en oare oanwêzigen,

“Ik hoopje dat wy elkoar wer sjogge. Ik, myn man en de bern harren heit”, sa sei in Oekraïense frou okkerdeis yn it NOS sjoernal. Tegearre mei 2 lytse bern hie se har thúslân Oekraïne efterlitten. By de grinsoergong mei Poalen naam se ôfskied fan har man. De berntsjes jûchen heit noch in dikke krûp.

Sy gie Poalen yn, de frijhyd temjitte. Hy gie werom Oekraïne yn. Allinne. Wer werom om te fjochtsjen. Hy draait him noch efkes om en sjocht syn frou en bern nei...Sis it mar, at se inoar ea wer sjen sille...

Dizze bylden rekken my tige. It is in ôfgriis! Anno 2022 is der (wer) in oarloch yn Europa. Wylst at wy hjoed hjirre yn Dantumadiel en oeral yn Nederlân op in hiel soad plakken de slachtoffers betinke dy't foar us frijhyd fallen binne tusken 1940 en 1945, mar ek letter mei fredesoperaasjes.

Elk jier hat it Nacionaal Comité 4 en 5 mei in jiertema. Dit jier is dat “Vrijheid in verbondenheid”. En ja...wat is dat tapaslik op de sitewaasje fan no.

Súver wrang, want by it opstellen fan dit tema, al folle earder, hie men noch gjin idee yn hokker sitewaasje ús wrâld no mei Oekraïne sitte soe.

It Sociaal Cultureel Planbureau hat ûndersocht, yn gearwurking mei it Comité 4 en 5 mei wat Nederlanners goed fine oan harren lân. It antwurd dat it measte jûn waard wie: Frijhyd.

Wat betsjut dat dan frijhyd? Fierwei de measten fan ús hawwe net mear meimakke dat der Dútske militêren troch de strjitten rieden. Wylst at dat noch net iens sa lang lyn is. Nee, frijhyd stiet foar de measten foar 'sizze' en 'tinke' kinne wat jo wolle. Dat koe doe net yn '40-'45. Dat wie gefaarlik. Jo koene der foar oppakt wurde at jo dat al diene....as slimmer...

Betsjut dat dan dat elk mar alles dwaan kin? Nee! Yn frijhyd libje betsjut ek each hawwen foar elkoar. Elkoar respektarje. Om elkoar tinke en helpe at dat nedich is. En...der om tinke at in oar syn frijhyd net yn de knipe komt. It is ús plicht om elkoar te helpen. Sjoch nei de minsken yn Oekraïne. Fanwege 'machtspolityk' fanút Ruslân binne hja no harren frijhyd kwyt, binne hja op 'e flecht. Mar ek de minsken yn Ruslân sels libje net yn frijhyd. Sizze kinne wat hja tinke is der dêr net by.

It is miskien foar jimme jonges en famkes dreech te begripen dat wy hjirre ea ek beset west binne, krekt lykas de minsken yn Oekraïne dat no binne. Jimme sille de ferhalen wolris heard hawwe op skoalle, of op telefyzje der oer sjoen hawwe, as dat (oer) pake en beppe der wolris wat oer ferteld hawwe. Mar dochs is it echt sa.

Ik doch dan ek in berop op jo - en foaral op jimme jonges en famkes - dat frijhyd net iets is fan de ferhalen fan eartiids of fan fier fuort. Frijhyd is hjirre en no en dêr moatte wy mei elkoar om tinke. Jimme as nije generaasje foar skylk.

Wes der hiel foarsichtich mei, want it is ien fan de kostberste saken dy't wy hawwe.